

LIETEBOEK – Sjonge en bidde thús en yn tsjerke (2015).

Oer it ta stân kommen fan *Lieteboek*

Yn maaie 2008 sette de Interkerkelijke Stichting voor het Kerklied (ISK) útein mei it redaksjonele wurk foar it gearstallen fan in nij lieteboek. De ISK gie derfan út dat der ferlet komme soe fan in Frysktalige edysje fan dat nije boek. Sa wiene it Lieteboek foar de Tsjerken (1977) en Tuskentiden (2006) ek as wjergaders fan de eardere ISK-útjeften útkommen. Al gau wiene de Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst (YKFE) en de ISK it dêroer iens en waard by de redaksjegearkomsten in plak ynomme foar in fertsjintwurdiger fan de YKFE.



f.l.n.r. Jan Breimer, Bob Pruiksmá en Cor Waringa
foto Willem Wilstra

De YKFE stelde Jan Breimer, Bob Pruiksmá en Cor Waringa as redaksje oan. Yn maart 2010 begûnen sa'n tweintich frijwilligers mei it oersetten fan de lieten en teksten dy't troch de lanlike redaksje op dat stuit al nominearre wiene, ek al wie net wis oft dy úteinlik wol opnommen wurde soene. It tal meiwurkers is yn 'e rin fan de jierren tebekrûn nei fyftjin, ûnder mear troch it ferstjerren fan Atze Bosch en Bernard Smilde. De dichters dy't spesjaal foar *Lieteboek – Sjonge en bidde thús en yn tsjerke* it oersetwurk dien hawwe, wurde efteryn it boek neamd. In folslein register mei de nammen fan alle 39 oersetters – ek de eardere fan wa't teksten oernommen binne – is te finen op www.liedboek.nl. Dêr is yn te lêzen watfoar lieten elk fan harren oerset hat.

Fan konsept nei definityf

De gearwurking fan oersetters mei de redaksje wie yntinsyf. De redaksje makke kanttekeningen by de ynkommen konsepten en de oersetters ferwurken dy yn in nij konsept. Dat gie sa meastal in kear of wat hinne en wer oant oersetter en redaksje har beide yn it einresultaat fine koene. Dat wie dan lykwols noch gjin definitive oersetting. Foardat it safier

wie moasten de teksten hifke wurde troch saneamde meilêzers. Dat wiene foar in part saakkundigen dy't oanwiisd wiene troch de dielnimmende tsjerken en foar in oar part kollega-oersetters. Dy beoardielen it wurk anonym: it bleau ûnbekend fan wa't de oersettingen wiene en de oersetters kamen net te witten wa't de opmerkingen makke hiene. Faak koene de oersetters winst helje út it kommentaar en gebrûk meitsje fan oanrikte suggestjes. Pas dêrnei koe de redaksje de oersettingen definityf ferklearje.

Refyzje

Njonken it oersetten fan nije lieten moast ek omtinken jûn wurde oan oersettingen dy't út oare lieteboeken oernommen wurde koene. Dy stieken soms nochal ôf by de oersettingen fan de nije lieten. Trochdat de eardere oersetters hechten oan suver rymjende teksten, alliteraasje en literêr taalgebrûk kaam it gauris foar dat oan de perfekte foarm mear omtinken jûn wie as oan it werjaan fan de oarspronklike ynhâld. It hat derta laat dat in lytse ploech oersetters in protte flyt dien hat om de besteande oersettingen te revisearjen of, as dat nedich wie, de oarspronklike tekst opnij oer te setten. Dat hat in healjier tiid koste. Oars hie it boek der ein 2014 al west.

Grut ferskaat

De ynhâld bestiet net inkeld út lieten. Der binne ek hiel wat, meast koarte, eleminten dy't te brûken binne om fan de tsjerketsjinst in libben en dynamysk gehiel te meitsjen. In grut ferskaat oan kanons en oan fêste en wikseljende liturgyske sungen is dêrfoar byinoar brocht. By de lêste kategory kin tocht wurde oan de yntroïtusantifoanen foar it hiele tsjerklik jier, oan ûnberime psalmen en akklamaasjes (by de lêzingen en gebeden) dy't meitsje dat tsjerkogongers mear as foarhinne aktivearre wurde.

In oar elemint wurdt foarme troch sa'n 130 lêsteksten, dy't oer it hiele boek ferspraat binne: gedichten, meditative teksten en gebeden. Dy meitsje dat it boek in folle gruttere gebrûkswearde hat as allinnich mar foar tsjerketsjinsten. Dat wurdt ek ta útdrukking brocht yn de ûndertitel: sjonge en bidde thús en yn tsjerke. Dy teksten kinne minsken ta treast wêze yn drege tiden, se kinne ek tsjinst dwaan om yndividueel en yn gesinsferbân mei it leauwe dwaande te wêzen.

Net inkeld troch it opnimmen fan (refrein)lieten (ek mearstimmige), kanons, liturgyske sungen en fan teksten foarsjocht it boek yn in grut ferskaat, ek troch it komôf en de foarm fan dy eleminten en it ferskaat oan meldijen is it in kultureel en oekumenysk ryk boek. Gearfetsjend kin sein wurde: net ien sil alles brûke wolle en kinne, mar elkenien fynt der genôch foar eigen gebrûk yn.

Help

Weardefolle advizen krige de redaksje fan Jan Popkema en Hindrik Sijens op it mêd fan taal en fan prof. dr. Anton Vernooij by it oanpassen fan de neo-gregoriaanske refreïnpsalmen. Twa warbere korrektors, Sieger Bijsterveld en Arernd Toering meie mei eare neamd wurde. It is te tankjen oan trije warbere leden fan de YKFE, Paul Hekstra, Dick de Jong en Wessel Rozendal, dat ûnderskate fûnsen finansjeel byspringe, sadat it boek foar deselde priis te krijen is as de Nederlânsktalige edysje en foar alle tsjerkegebouwen fan de dielnimmende tsjerken in eksimplaar fergees beskikber steld wurde kin.